

# Spionaazje op it waad

FD 8-9-'7

troch Jaap Krol

**A**chter de skêrm is in roman fan âld-ynwenner fan Peazens-Moddergat en âld-marineoffisier Einte Prins. It is in op wiere feiten basearre ferhaal. Dat soe in heech suspense-gehalte opsmite kinne. Bart dat ek?

De twa Dútske militêren Heinz en Klaus dogge yn de simmer fan 1939 yn in beskieden jachtsje wichtich spionaazjewurk, bedoeld om de Noard-Nederlânske kust yn kaart te bringen. By Peazens-Moddergat lykwols slaan se lek op it waad. Sa komt Klaus, sibbe fan nei Emden ferhúze Wierumers, yn de kunde mei de ûngelokkige Sjoukje.

Sjoukje is de frou fan de alkoholyske fisker Jitze en hat in fer-

steurde relaasje mei har heit, Sip. Tusken Sjoukje en Klaus ûntstiet in leafdesbân. Dizze bân wurdt trochsien as Klaus troch it geheime fan syn missy ûnferwachts werom moat nei Dútslân en as lid fan in squadron nei it Eastfront moat. Foar Sjoukje, swier fan óf Jitze óf Klaus, brekke op 'e nij swiere tiden oan. Klaus lykwols rekket slim ferwûne en komt werom as gewoan Wehrmachtsoldaat. Syn bân mei Sjoukje wurdt nei de dea fan Jitze sa sterk, dat er ferjit dat der ek oare soldaten binne, kammeraten mei oare bedoelings as de suvere fan Klaus. Dit komt op de kop ferkeard, wit men dan. Júst de heit toant him in wiere heit en liket sa syn relaasje mei Sjoukje te ferbetterjen. Al dizze heftige ferwikkelings op 'e Oere, de streek dêr't de fiskers fan Peazens- Moddergat

wennen, soargje derfoar dat Klaus en Sjoukje it beslút nimme om it doarp nei de oarloch de rêch ta te kearen en harren nei Emden te setten.

It liket derop dat Prins syn hoe-dannichheden as âld-Peazener en âld-militêr yn syn ferhaal ferienigje wol. Dit leveret in pear moaie saken op, lykas de beskriuwing fan de taktyk fan it spionearjen en de wize werop de bespionearden hjir wer op reagearje. Hjir is dúdlik in kenner oan it wurd. Ek de ûneinige opneaming fan nammen fan de pleatslike befolking fûn ik sterk. Dat binne minsken dy't wy net kenne - dy't wy ek net hoege te kennen - mar dy't sûnder it te sizzen yn dit ferriedlike waadlânskip eins allegear in eigen ferhaal suggereare. Fiskers op 'e Oere, it waad oersjend, dat stiet as in hûs.

Mar de opropen suspense en de sfeartekening fan it doarp achter de seedyk moat it wol ôflizze tsjin it gammele ferhaal. Doe't ik fierder en fierder lies, krige ik te meitsjen mei in swijend ûnbehagen: foar alle persoanen jildt, dat se net trochbrekke. Se bewege hast as rinnende stripfigueren, dy't harren primêre eigenskip brûke om minslik oer te kommen. Sa is Jitze as alkoholist oars net as alkoholist, is Sjoukje as frou oars net as gefoelich en legitimearret de oanrander fan Sjoukje syn died troch 'ek ris in frommes in feech te jaan'. Ek ferliest ien letterlik syn kop, mar der is net ien MAN yn hiel Moddergat dy't dêr ris fatsoenlik fan skrikt of gewoan koarje moat. Derby hat Prins de gewoante de lêzer fan ynformaasje te foarsjen troch foarsetsjes te jaan

as 'Yn it koart kaam it der op del' en 'it die it al gau bliken'.

De wiere peilers fan in ferhaal binne bygelyks wrakseling, skamte of gefoelens fan leafde. Om by de foarsetsjes te bliuwen: yn Achter de skêrm binne dizze peilers it oars net as ynkoppers, skotten op iepen goal nei lange solo's ferhalend proaza. De bettere passaazjes fan dit boek binne de passaazjes dêr't de militêr en âld-Peazener Prins sprekt, mar yn oannimlikens en ynterminlike dialooch sjit it ferhaal tekoart.

Los hjirfan ek wat oars. Yn it tabblêd stiet 'Utjûn mei stipe fan de provinsje Fryslân'. Graach wol ik de KFFB dit freegje: kinne der dan ek wat minder setflaters yn?

*Einte Prins, Achter de skêrm, KFFB, 2007, priis 14 euro.*